

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 41 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	Poepjes  <b>Oanpak krusing N357 Hallum</b>
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	De FNP-fraksje hat by in wurkbesite yn Hallum te hearren krigen dat troch it Kolleezje mûnling tasein wêze soe dat de oanpak fan de krusing Doniawei-N357 yn Hallum yn 2019 taret wurde sil. En dat de útfiering dêrfan dan yn 2020 wêze sil. Omdat de Steaten dêr noch net fan op de hichte steld binne én omdat der in tal winsken binne oangeande de útfiering fan de kant fan doarpsbelang en ûndernimmers, hat de FNP-fraksje in tal fragen.
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"><li>1. Kinne DS ús befêstigje dat it yndied de bedoeling is om yn 2019 te begjinnen mei de tarieding fan de oanpak fan de oanjûne krusing? En strykt it ek dat yn 2020 de útfiering dan dien wurde sil? Yn hoefier is it mooglik om it wurk noch nei foaren te heljen, mei it each op de neffens doarpsbelang tige gefaarlike situaasje dêr?</li><li>2. Wy hawwe begrepen dat der tocht wurdt om op de bewuste krusing in rotonde te meitsjen. Yn hoefier is it mooglik om winsken fan de transportûndernimmers dêrby mei te nimmen? En dan giet it benammen om grutte, foarm en hichte fan de rânen fan de rotondes, wêrtroch't der by besteande rotondes in soad skea ûntstiet oan de frachtweinen én de lading.</li><li>3. Omdat de problematyk fan de rotondes breder spilet as allinnich Hallum (tink ek oan de Middelseewei en oare provinsjale diken), is it Kolleezje ree om mei fertsjintwurdigers fan de transportbranche kontakt op te nimmen? Dat om nei te gean oft de foarm en grutte fan takomstige rotondes sadanich makke wurde kinne, dat skea oan materieel en lading safolle mooglik beheind wurdt? Sa ja, soe it Kolleezje ús op de hichte bringe kinne fan de útkomsten fan it oerlis?</li></ol>

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening)  FNP, K. Fokkinga
---------------	---------------------------------------------------------

Datum	16-11-2018
-------	------------